

Wize: As om de toer de sweltsjes dan wer fleane

Ik woe dat ik nochris sechtsjin jier wie
en fuotbalje yn, de A's fan SDS
traine ûnder Klaas, en fan him krige ik dan
foar it earst, yn myn libben fuotbal les
ik learde dan in pass goed oan te nimmen
en de bal in moaie draai te jaan
it earste âlvetal dat wie dan myn stribjen
en dêr soe ik myn bêst goed foar dwaan.

Ik soe net klaaie oer de oefen hoeke
en de training, dy wie nea te dreech
ik soe gjin bier of sokssawat brûke
want ik woe mei myn âlvetal omheech
en dan mei achttjin jier nei it earsie
by Gerrit, Floris Wychert en Gert Jan
de skiedsrjochter hoecht foar my gjin kaart te brûken
dat docht hy wol foar it oare fjouwer span.

Ik bin net jong mear, dus sil it net barre
dy tiid dy is far my foargoed foarby
achter it fjouwerspan, bin ik in âlde karre
en mei my as midfoar is nimmen bly
myn skonken soene it net lije wolle
en myn liif, ja dat is ik fierstente dik
as't sa âld bist dan wolst soms te folle
en dan tinkst by dysels fan ferhip

Toch spylje ik noch eltse sneon mei
al is it stil steande oan de kant
ik kin de spanning yn myn liif noch fiele
as it der yn it lêst oan omspant
ik bin gjin achttjin mear mar achtenfyftich
dus fuotbalje begjin ik net mear oan
mar ien ding is foar my wol wichtich
SDS dy heart boppe oan